



# Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

---

JIERGONG LVIII nûmer 4

desimber 2009

ISSN 0166-6029

---

## *Blyn Spul*

*blyn aventoer: ik bou in hûs  
op faai bestek  
yn stille oeren  
is fearjend soms myn trêd  
mar al te faak bin 'k  
speesje brek  
ûngeduerich myn gedachten  
ik lûk in swiere sile  
sjou stiennen oan  
by frachten, kom amper  
út 'e klean  
myn bouwurk, wurdt it aanst wol  
achte  
sjocht immen it straks wol  
stean*

Ut Klaas Feenstra, *Hege flecht, Utpjouwerij Frysk en Frij*, 2008. Yn 2004 kaam fan him by JéJé-publikaasjes te Burgum Guozzekloft út.

---

Samlers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG Waskemar; digitale kopij, [abma.g@wanadoo.nl](mailto:abma.g@wanadoo.nl) Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tsjeardsma. Opmeits en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, [abma.g@wanadoo.nl](mailto:abma.g@wanadoo.nl), Plantage Doklaan 13, 1018 CM Amsterdam. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. Lyts Frisia €7,50, inkeld LF €5.00. Giro 1069535 op namme fan Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H.Haisma-strjitte 26, 9251 AV Burgum.

---

It fers op'e foarside is fan Klaas Feenstra, út Nijlân yn de âlde Middelsee, soan fan ien fan de beide timmerbazen dêr, letter út Burgum. In bondel fan 262 siden, dus net neat, mei heelwat moaie natuerfersen en anekdoatysk wurk; fierder: 'Troch de natuer en de seizoenen', 'Grienmank fan wederwarichheden' en 'Kriten en kontreien'. Wa't Nijlân mei de moaie tsjerke ken, wit dat dêr mannich trou tsjerkelid wenne en jit wennet; dus ek yn de bondel in skift 'Ynblaasd fan 'e wyn'. Dit is noch gjiniens alles. Klaas Feenstra hat yn heelwat blêden en periodiken publisearre, hat ek wolris in priis wûn. Grif de muoite en it lêzen wurdich, somtiden skerp, altyd te begripen.

Noch in priuwke:

*Idoalen*

*Hjerstmis en maitiids globetrotters,  
yn 't briedseizoen júb'ljende wrotters,  
idoalen op myn libbenspaad:  
De skriezen, ljippen, ljurken, protters.*

---

**Yn dit nûmer**, behalve fan de fêste samlers, in stik fan Ir. Ekke Atsma dat in moaie yndruk jout fan it Amearika yn de jierren '60 mei auto's, traktors en oare mesines, grutskalige lânbou, lúkse yn de hûs, lienen fan en omslaan yn jild ensfh. Alles mear, better, grutter as by ús. Doe makke it in oerweldigjende yndruk op ús, mei de earmoed fan de jierren '30 yn de skonken en troch de oarloch faak mei groeden tekene. De tweintich jier dêrnei wie it sober en faak keal, net liker as gyng it nei '45 gewoan troch wêr't it yn 1940 opholden wie. Nimmen ferwachte yn de jierren '60 dat al dat swee-slaanderige, dat hurde en hastige oerwaaie soe, dat wy dy lúkse oait berikke soene. Helendal net dat fierhinne it measte nije al in foege tweintich jier letter ek by ús foar master opsloech.

Yn septimber is ferstoarn en sûnder folle drokte begroeven Doede Dykstra, ferneamd skûtsjesiler by de IFKS en skipper/eigner fan it lytste skûtsje fan de float, 'it ripeltsje'; as by wynstilte de float stillei, lei Doede syn skipke dûbel sa lang stil. In 'ripel' wurdt brûkt by it flaaks; 'it falt yn 'e ripel' betsjut 'it is yn oarder, klear'. Hoe't it skûtsje oan de namme kaam, wurdt hjirút net dúdlik. Miskien samar.

Dat is ek de namme fan in cruise-skip dat op 't heden yn it IJ leit. Samar in Fryske namme? It fiert de Ingelske flagge miskien hat it Frysk troch al de provinsjale drokten om 400 Amearika Nederlân hinne, njonkelytsen sa'n namme makke, dat 'samar' samar ta it Ingelsk trochkrongen is. Noch eefkes en it Frysk is samar wrâldtaal, all over the world sprutsen.

Tichter by hûs en sa eigen wol wie it feest fan Durk van der Schaaf by gelegenheid fan syn 75-ste jierdei, 16 oktober, yn Bitgummole. In skoander inisjatyf, middeis fan healwei twaën ôf, ûnder melken troch, dêrnei waarm iten en jûns mei koar Halleluja en korps fan en foar it doarp dus. En dan feest mei Wiltsje fan Peasens ta de lette jûn út. Doarpsgenoaten, famylje wiene der plus mannich oaren, wol in 200 meielkoar. Immen frege: 'Wiene dy en dy der ek?' Antwurd: 'Ja.' 'En dy?' Antwurd: 'Freegje leaver wa't der nét wie.'

---

Foarnamer, Frysker hoecht en koe it net, learsum, streksom, royaal en feestlik yn alles. Op it symposium oer in duorsume takomst foar Fryslân kamen ûnder de eminente lieding fan G. Gerbrandy út Gau as sprekkers fanwegen Y. Koaistra, koördinator biologyske lânbou yn Fryslân; Mr. A. Oastra, âld-ambassadeur yn Sjina en âld-ambassadeur en âld direkteur-generaal fan in ministearje fan lânbou en dhr. Boanstra fan it nije ynstitút foar wettertechnology Wetsus. Gerrit Breteler song. Net oer de nije lanbou of it moaie lânskip om Ljouwert hinne. Dy jouwe dêr net folle reden ta.

Krekt as woe de jubilaris ús leare, striid foar de taal giet lykop mei dy foar minske, bist, natûr, lânskip yn dy taal. Dêr hat er skoan gelyk oan fansels ( sj. ek snipers ).

*De einredaksje*

---

**B.J. Postma**

*Bitgummole, 25 july 2009*

### **Deistich Wetterskipsbestjoer,**

*Ik haw jim alris earder oan west om ús eigentalige -dat binne de echte- wetternammen.(briefke fan 27 maart 2007) Yn de WW-kommisje fan 7 maaie dêroan haw ik der op wiisd, dat de ferkearde, hollânske, nammen foargoed ôfskaft wiene. Jim foargongers skreaune werom, dat se tenei skerper op ien en oar wêze soene, en dat hja de meiwurkers freegje soene om dat ek te wêzen. (skriuwen WFNU726790 fan 7 maaie, ferstjoerd 10 maaie)*

*It is noch net sa't it heart. Yn 2 fan jim Meidielings kamen de Langwarder Wielen seisris foar ûnder de net mear besteande, hollandske, namme. Yn in oare Meidieling is it trijeris fan Tjeukemeer, in namme dy't yn de Oardering Wetternammen Provinsje Fryslân fan 15 maart 2006 net foarkomt.(Ljouwerter fan 24 juny 2009)*

*De âldjiersjûnes fan 1996 gie alleman en wrâld hjirre noch yn Friesland op bêd, de oare moarns waard elkenien yn Fryslân wekker. Nochal wat, nei alle wierskyn ientalige, amtners yn it Provinsjehûs ferpoften it om Fryslân te skriuwen. Rillegau begûn dat it D.S.kolleezje te fertretten en it sei syn folk de wacht oan. (Deiblêd fan 3 maart 1997)*

*No is it fansels helte grutter toer foar jim Wetterskipshûs om de mear as tûzen eigen wetternammen der yn te stampen as foar it Provinsjehûs om dy iene namme út 'e holle te learen. Mar wa't wol, dy kin, en hatwe wy op skoalle net allegearre hiele kloften, aparte, Dútske wurdjes leare moatten? Oars, jim soene de skriuwende meiwurkers in oantrún wêze, as jim har foargiene en jimsels de tongbrekkerswurden eigen meitsje soene.*

*As lêste: as it learen net te goed mear wol, soene de skriuwamtners ta kinne mei de List mei offisjele wetternammen yn Fryslân, tahekke oan de boppeneamde oardering. Alle kearen dat se in net mear besteande namme delskriuwe soene, moatte se earst yn dy provinsjale list de wól besteande namme opsykje. Op dy manear hoecht net ien fan jim folk har/him ea wer te 'fersinnen', en tenei soe in ôfskafte, hollânske, namme allinnich noch mar út 'e pinne komme kinne fan in dwerse en domme meiwurker, mar dy sille jim wol net hawwe.*

*Mei de wênstige, Bitgummoolster, achtginge*

---

Bitgummole, 25 july 2009

**Algemien Wetterskips-bestjoer,**

*Jim wetterskip wie it yndertiid alhiel iens mei it ôfskaffen fan de hollânske wetternammen fan, bygelyks, Langweerder Wielen en Tjeukemeer. Fan jim wetterskip mocht dan ek ferge wurde, dat it him oan ús eigen nammen hâlde soe, oan, bygelyks, Langwarder Wielen en Tsjûkemar. Lykwols hie dat der wol oan.*

*Koene yn 1997 de amtners oan de Twiebaksmerk noch goed twa moanne beare, dat Friesland de lânsnamme wie, nei in rabbelemint fan de kant fan de deputearren wie it finaal en foargoed út mei it ûneigen Friesland. Mar oan jim Harnzerstrjitwei leit it lân nochal wat oars. Yn de krapoan fjirdel jier sûnt de nammewiksel Hollânsk-Frysk op 15 maart fan 2006 binne de frjemdtalige nammen te jimmes nóch net útstoarn, op gjin stikken nei. It fersyk fan jim deistich bestjoer oan syn meiwurkers hat suver neat opsmiten. In min ding.*

*Mar as ik mei alle skriuwerij neat mear bedij as in db-útnoeging ta de Fryske nammen, dan kin elk op 'e fingerseinen wol neigean, dat der fan de útfiering fan it steatebeslút fan 15 maart 2006 yn jim Wetterskipshûs nul en neat op 'e hispel komt.*

*No tocht ik by mysels, dat jim as folksfertsjintwurdiging it deistich bestjoer stjoere en neigean, en dat jim it dêrneffens de rjochte wei hearre te wizen op it stik fan ús eigen wetternammen. In oanwizing datoangeande fan jim kant docht grif meat fertuten as in skiterch briefke fan in ienfaldige Bitgummoolster.*

*Fan 15-3-2006 ôf hawwe wy rjocht op ús eigen wetternammen yn al jim publikaasjes. Jim hawwe it yn 'e macht om ús datoangeande rjocht te dwaan as it deistich bestjoer der net oan ta komt.*

Mei gâns Bitgummoolster achtinge,

---

## In Wykein yn Los Angeles

*Myn wurk fierde my lêsten maitiid (yn 1960) nei Amearika. It gefal woe dat ik op in freed mei myn pielen klear kaam op in laboratoarium fan de Amerikaanse Marine yn San Diego (California) en dat ik net earder as moandei ferwachte waard by in rekkenmasinefabryk yn St.Paul- Mineapolis (Minnesota). De fleanreis fan it iene stee nei it oare gie oer Los Angeles. Neat stie my yn 'e wei en gean sneon betiid nei Los Angeles (Ellee, sa't se dêr dy stedsnamme útsprekke, seker om tiid út te sparjen), besykje in neef te moetsjen en reizgje dan moandei wer fierder. In ynteressant avontúrke, sa't it libben dat soms jout.*

Yr. Ekke Atsma

Myn neef en ik hiene it beide yn ús Heite buorkerijen net fine kinnen. Ik sette nei Delft, nei de technyk, myn neef socht it fierder fuort en teach nei in fiere omke yn Michigan, sa'n 12 jier ferlyn. Hy hie dêr wûnderlike baantsjes, mar it is it bêste en fernuverje jin net oer baantsjes en alle oare saken yn 'e States; dy wike gauris ôf fan wat wy hjir wend binne. Hy hie in auto kocht en wie dêrmei dwers troch Amearika krúst nei de Westkust. California fûn er no it moaiste part fan syn States. Hy woe dêr net wer wei. No, wat it klimaat oangiet, hie hy gjin ûngelyk.

Wy hiene elkoar sa'n 20 jier ferlyn, as jonges fan 14, 15 jier, foar it lêst sjoen, en fansels wie der in bytsje de spanning fan: Soe er botte feroare wêze? Hy is noch frijgesel en al sûnt mannich jier naturalisearre. Sadwaande fielt hy him Amerikaan. Dat wol sizze: hy is in bewust belêstingbeteller en beskôget him ek in bytsje as eigener fan it hiele lân („Sjoch, dizze brêge ha wy 10 jier lyn boud, it koste safolle miljoen dol-

lar, mar it is de grutste fan California. Sjoch, yn dy fabryk meitsje wy de brânstof foar ús raketten nei de moanne”).

Ik hie him in pear dagen yn 't foar in briefke skreaun mei myn foarnimmen sa en sa let op it fleanfjild te wêzen, foar de wissichheid letter ek noch in telegram; dat wie mar goed, want de brief kaam net op tiid. Ik learde dat men dêr saken fan belang, dy't haast ha, mei telefoan en telegram ôfdocht en dat foar gewoane brieven Tjitte-Post net sa skrepsum by de doarren lâns wisket as yn Fryslân. Trouwens, de PTT hat fernijd, dat de brievepost yn ús lân gâns ôfnimt, no't er safolle telefoans komme. In teken fan foarútgong? Ik wit it net; der liket my in bytsje te gean boppe in brief, dy't miskien tiid nimt om gear te stellen, mar der't je yn neier ta de saken komme as yn in petear mei in heal each op 'e klok. En wat is in ferkea-ring sûnder briefwiksel? Mar hawar.

Sneontemoarn saaide ik op it fleanfjild del. Nei in pear wiken reizgjen yn 'e Feriene Steaten, mei safolle kilometers achter de rêch en safolle ûren

yn 'e loft (men moat jinsels tsjinhâlde en set hjirre gjin grutte Amerikaanse getallen del), wie it lytse ritsje fan San Diego nei L.A. mar in stap, in goed kertier. Mar tiid genôch foar in beker lekker sterke kofje, ûnderweis handich rûnparte troch in kreas jufferke. Kreas wol sizze: gewoan kreas en dêroer hinne noch in laachje Amerikaans kreas, der't se, sa't skynt, net sûnder kinne, mar al dy kleurkes fan lippen, eachlidden en eachbrauwen skine út de selde fabryk te kommen. It fleanen en it oerstappen tuskentoch is yn 'e USA in like gewoane saak as by ús it reizgjen mei bus en trein. Alles ferrint glêd, men hoeft hast nearne sels om te tinken, en dochs kin men meimeitsje, lyk as by ús yn 'e bus, dat in jufferke op it lêste momint yn 'e rekken kriget, dat se dochs yn it ferkearde fleantúch sit.

Ik stapte út, helle myn wykeintasje by de bagage wei en seach fansels yn it ûnbidich grutte en drokke stasjonsgebou in bytsje fernijd om my hinne: Soe hy der wêze? Ik moast dat ôfwachtsje. Miskien hie er wol in baas dy't syn feint op sneon net gean liet. - It gie allegearre ek wer gewoan: hy wie der en wy koene elkoar: „Krekt deselde noch, wat grouwer kin” en „Do bist wat smeller”. It praat fan syn kant gie yn it Ingelsk. It hie myn niget en fernim it de memmetaal nei in pear oere wer wat winnen, al bleau it in mjukseltsje („Hoe sizze se dat ek wer yn 'e âld country”). Wy fielden ús beide in bytsje optein. It wie ek in belibjen dat ús, sels yn Amearika, net alle dagen oerkaam. Hy hie al in hiel plan foar de twa kommende dagen. Earst mar

ris nei syn auto.

Los Angeles is in grutte stêd, yn opperflak wol ien fan de grutste yn 'e wrâld. Dat komt benammen om't men leaver gjin hege huzen bout. De grûn hat dêr kearmannich ferheftich skodde. De skiednis ferhellet fan grutte rampen en sadwaande ha de measte huzen gjin ferdjippingen, mei gefolgen dat men it yn de lingte en breedte siket, dêr't dat grutte lân bêst de romte ta hat. Fierders sjocht men in bytsje huzen tsjin elkoar oanboud; elk hat der in lapke grûn by. Dy hearlike romten, dêr't wy yn Fryslân yn opgroeiden en dy't wy yn ús Hollânse stêden net mear fine, binne dêr noch oeral; om jaloersk op te wêzen. Mar dêr bringe se ek wer problemen mei: Om't de stêd sa wiid útgroeid is, wennet elk sa fier fan syn wurk, dat er him sûnder auto net mear rêde kin. Sadwaande sjocht men nearne drokker ferkear. Der binne stikmannich wegen, dêr't acht rigen auto's neist elkoar ride en by krúspunten geane dy wegen soms yn fjouwer lagen oer elkoar hinne. Dat makket in grutte yndruk. It liket ek wol wer in fergrieming, dy tsientûzenden grutte Amerikaanse weinen, mei ien, heechstens twa man dêr yn, mar jeie en mar jeie, mar ja, dit is no ien kear in ryk en rij lân. Dit heart hjir typysk by it deistich libben. No moat ik daliks sizze, dat it ferkear treflik ferrint; men is foarsichtich en hâldt him oan 'e regels fan it spul. In ûngelok op dy grutte wegen is in útsûndering.

Myn neef syn car stie dêr tusken hûnderten oare. It wie net in nije wein, kreker sein, it wie deselde dêr't er

tsien jier ferlyn mei út Michigan kommen wie. Yn safier wie hy dus net Amerikaan, omdat er net meidie oan 'e moade om elk jier of elke twa jier wer in nijere ha te wollen. Mar tûk op de dollar is hy wol, lyk as men dat faker heart fan Amearikanen, dy't harren sels in bestean opbouwe en mei mar in pear sinten begjinne moatte. Dy neef fan my buorket dan ek net min, mar it lit him gjin tel fan de dei los. Doe't ik de doar fan 'e auto iepen die, rollen my in pear klompen temjitte. „Ja, dy binne sa maklik om oan te hawwen yn myn workshop”.

„Bist noch yn dy blommewinkel op it grutte tsjerkhôf?” „Nee, sûnt 14 dagen net mear. Ik knap no huzen op, dat betellet better. Mar se witte dat yn 'e âld country noch net”. (Muoike Ytsje hie alris sein: dat skriuwen fan dy jonge fan my fljucht ek net sa hurd). Der lei mear ark yn 'e wein. ûnderweis, fan hûs nei it fleanfjild, hie er yn twa huzen in loeverke setten, sa'n ramt mei gaas der yn. California hat in noflik waarm en sinneskyn klimaat; men set dêr graach de ruten op, mar it miggeguod moat bûten bliuwe, fansels. Sadwaande is der ferlet fan loeverkes. Myn neef en in maat hiene in saak oprjuchte, de Lifetime Louvre & Screen Company. Se kochten de alluminium ramten, dy't yn it kezyn pasje, en plestik gaas (Tsjin gruthandelspriis, sei myn neef) en se makken der sels de loeverkes fan. Dat hechtsjen fan gaas oan ramt gie nefens in eigen fining, hiene se patent op krige en it wie better (it bleau in Lifetime sitten) en guodkeaper as it wurk fan dy en dy. Earst hiene se advertin-

sjes yn de krante setten, mar dat diene se net mear, want se krigen der mear wurk fan as dat se mei harren beiden oankoene. It rûnfertellen troch tefreden klanten joech wurk genôch. Dy moarn, tusken hûs en fleanfjild, hie er wer \$ 13,- fertsjinne; ik krige de sjek te sjen. We rieden, en glieden al gau mei yn in stream, der't begjin en ein net fan te sjen wiene, de Harbor Freeway op, sa'n ien mei 8 banen. Dizze wegen waarden al wer te krap, sei myn neef, der waard no ien makke mei 16 banen. - Dat sûnder rêst altyd wer wat nijs bouwe, is wol ien fan de dingen dy't jin yn dit boeiende lân opfalle. Tink mar, dat er foar sa'n 16-baans wei troch in stêd wat fersetten wurde moat. It liket allegear maklik te gean, hiele stedswiken wurde ôfbrutsen om like floatich earne oars wer te ferrizen. De minsken hâlde fan feroarjen; huzen en hiemen binne faak net ôfwurke, as rekkent men der dochs op net lang sitten te bliuwen. Wy strieken del yn in grut ythûs fan Vanderkamp, foar kofje en hearlik bôleguod. Vanderkamp hie yndertiid syn bakkerskunstichheden meinommen, doe't er út ús lân emigrearre en dat hat him mannige grutte saak (elk mei in mole op it dak en tsjinsterkes mei sabearre Hollânske mûtskes) yn California oplevere. Ik moat sizze, syn bôle en gebak fertsjinje it.

Myn neef tochte, wy soene mar net daliks nei syn hûs yn Pasadena, mar leaver in eintsje omride om wat fan it lân te sjen. No, graach! Dy jûns blykte it in ritsje fan sa'n 200 km wurden te wêzen. Al hoe't de Amearikanen ek op skerp steane as it om

sakendwaan giet, se ha in protte foar harren meiminsk oer, en it jild bliuwt rôljen. Wy rieden de Hollywood Freeway op. (Dat is „mar” ien mei 6 banen.) Je sjogge dêr gjin eksklusive froulju, sa’t sommigen noch wol ris ferwachtsje, mar it is dochs nijsgjirrich dêr ris te wêzen. Hjir en dêr steane wol grutte filmstudio’s en earne seagen wy in grut Wild- West doarp optúgd, mei echte, heale huzen, dat wol sizze: in hurdpapieren gevel fan sa’n hundert jier tebek en dêrachter grutte stellingen foar filmkamera’s en sa. Filmstjerren en oare wichtige, alteast ferneamde lju skine hjir net mear te wenjen; mear dy kant op fan Santa Monica, by de see.

Hy woe my syn tsjerkhôf ris sjen litte, der’t er, oant foar 14 dagen, wurke yn de blommewinkel. Dit hôf is yndied wol wat bûtenwenstichs, in grut park, dat je net oersjen kinne en dat hielendal net de yndruk jout in fergearing te wêzen fan sa’n 125.000 grêven, der’t op past wurdt troch in bedriuw mei 1100 man personiel. Alle gedachten oan in wrede dea binne dêr wol fier ferbanne. Allinne sa’n hoeke as „Babyland” of „Lullabyland” (wy soene sizze: „Beukerhoeke”) docht it lijen beseffen; hjir en dêr hat in âlder wer wat nij boartersguod op in stientsje lein.

Dit FOREST LAWN, sa’n foech 200 ha, is in grien heuvellân mei beampartijen, mei autowegen, in mausoleum fan 5 ferdjippingen, 4 tsjerken, in museum, in grutte hall boud om plak te jaan oan in skilderij, „de Krusing”, hast 14 m heech en hast 60 m breed (it grutste fan Amearika);

dan dy min of mear troch beammen ôfsluten seksjes, elk mei in namme as Genedelân, Jûntiid, Sliep-lân, Dal van Herinneringen, Opstanning, Oerwinnend Leauwe, elk mei hûnderten grêfstientsjes. Dy stiennen binne lyts, ien by twa foet, en se lizze plat yn it gers. Fan in lytse ôfstân sjogge je se al net mear en liket it gehiel in leaflik weagjend fjild. It is folle mear as in tsjerkhôf. Yn de boekjes, dy’t rij útparten wurde, hjit it „California’s wichtichste kulturele sintrum”. It liket my, dat it rjucht jilde litte kin op dy kwalifikaasje. Yn dr. Hubert Eaton, de stichter fan Forest Lawn, dy’t ynder-tiid it lân net al te djoer kocht (it lei doe fier bûten de stêd) en dy’t no miljonêr is (sommige grêven kostje \$ 80.000,-), yn dy dr. Eaton fynt men dat typysk Amerikaanse: oan ien kant bikkelhurd saken dwaan, oan ’e oare kant syn meiminske ferheffe út ’e deistige dollardrokte, en libbensgeniet jaan dat men mei jild net keapje kin. No hat dr. Eaton wol in protte kocht foar syn dollars: Hy hat alle grutte byldhouwurken fan Michelangelo neimeitsje litten en yn de parken optúgd; yn it mausoleum sjogge jo stikken tsjerke-ynterieur lyk as yn de Westminster Abbey en yn ferneamde Italiaanske katedralen; skilderijen fan Raphaël en fan Leonardo da Vinci (it lêste Jûnsmiel) binne hjirre yn de foarm fan brânskildere ruten; yn it museum steane kopyen fan de geweldige en prachtich bewurke ferguld- brúnzen doarren fan de Battistero-tsjerke yn Florence.

As Europeaan kinne je hjir maklik en goedkeap sneu oer dwaan: al



dat echt-neimakke guod. Better is it te betinken, dat dit Forest Lawn in rêstpunt is yn dit kranksinnich-drokke Amerikaanse libben; ik soe hast sizze: in rêstplak foar deade en libbene Amearikanen. De fjouwer lytse tsjerken, lit se dan stien foer stien neiboud wêze neffens âlde tsjerkjes yn Ingelân en Skotlân, binne juwieltsjes fan romantyk; dêr binne dan ek mear as 40.000 minsken trouw. Fierders wurdt er faak yn preke. Elk fan de tsjerken is ferbûn mei de histoarje fan in dichter. Sa is de „Tsjerke fan 'e Neisang" in reproduksje fan de tsjerke yn Rottingdean, Ingelân, dêr't de dichter Rudyard Kipling wend wie hinne te gean. Tusken en achter de grutte blompartijen om en yn de tsjerke sjogge je marmeren platen mei syn gedichten yn gouden letters der op. Bern sjogge bibelske histoarjes, lyk as David syn fjochtsjen tsjin Goliath, yn brûns útbylke. Se kinne by rigen helden út 'e Amerikaanse skiednis lâns rinne. Skoalbern ûntdekke dat de grutte keunst yn bylden, lyk as „it Mystearje fan it Libben", stal jout oan begripen as „jong wêze - leavje - bloeie - fersinke". En foar allegearre is it in hichtepunt yn de „Hall fan de Krusiging" te wêzen. Yn in grutte seal, mei ôfmjittingen, dy't yn ús lân amper te finen binne, steane stuollen, yn grutte bôgen keard nei in wand, der't earstoan in grut gerdyn hinget. Yn de tsjerke-achtige romte rûzet muzyk, it is heal-ljocht. In stim giet it ferhaal te fertellen fan de krusiging. It past allegear by elkoar, dy muzyk, dy stim en dan it skilderij, dat stadichoan, fanút it midden, troch de gerdi-

nen bleat jûn wurdt. Dêr stiet Jezus, in moment foardat se him fêstspikerje; alle ark leit klear, de soldaten wachtsje op it befele fan de oerste, oaren hâlde mei muoite de kôkjende folkskloften tsjin; alle bekenden út it Bibelsk drama binne neffens harren karakters útskildere, it Sanhedrin tefreden, discipelen en froulju ynwendich ferskuord, yn 'e fierte Jerusalem, noch fierder it Judeeske heuvellân, en tsjustere wolken; alles yn natuerlike grutte foar je, hast om je hinne; je binne der sels by. It is in moment fan spanning, krekt as kin de rin fan de histoarje noch alle kanten út, as wie der noch in lytse kâns dat de drinkbeker weinommen wurde sil. Mar fan Kristus' antlit strielt de wissichheid fan de kommende oerwinning. De ferljochting fan it skilderij wurdt dimd, de driigjende loft komt dan nei foaren. Stadichoan ferdwine hjirre en dêr figueren yn 'e tsjusternis, de ljochte gestalte fan Kristus bliuwt. It gehiel docht jin oan as in preek, mar dan ien mei mear sizzenskrêft as mannich sprutsen wurdt.

Myn neef en ik litte de grutte homeie fan Forest Lawn achter ús. De oergong fan de rêst fan it grutte park nei de ûnrêst yn de stêd dêromhinne jout in treffend byld fan de utersten der't Amearika him yn fertoant. Dit lân lit him net yn algemienheden beskriuwe; it is sa fol ferskaat en in besiker, dy't hjirre in pear wiken omslacht, wurdt fansels beynfloede troch wat hy tafallich meimakket en wat him neffens syn aard bisûnder oansprekt. Op it technysk mêd, der't myn deistich wurk op leit, sjoch ik de

Amerikanen harren mei grutte faasje yn projekten bejaan, dy't miljoenen kostje. It wetter rint my om'e toskan fan alle middels dy't harren dêrby ta tsjinst steane: dêr kinne wy yn 'e Âlde Wrâld net oan tippe. Mar de útkomsten fan sok krewearjen falle net altyd mei. De wurken wurde gauris daliks sa breed opsetten, dat men it oersjoch ferliest. De dielen fan sa'n wurk groeie yn in omsjoch út elkoar wei. Der binne tefolle lju dy't der wat oer te sizzen ha en de administraasje is grouwelich. Soms wurdt mei in wurk begûn al ear't de saak goed trochticht is; it is gjin útsûndering dat protte ynspanning en protte jild ferlern geane, mar de reäksje is dan dochs it meast yn 'e trant fan: wy ha der fan leard, dy kunde is net wei en dat jild fertsjinje wy wol wer werom. Ik doar net te sizzen dat wy it better dwaan soene. It liket my wol, dat de Amerikanen harren wurk net better dogge as wy uzes. Ús wurk is beskiedener fan ôfmjittingen, mar ús kwaliteit kin dêrom wol besjen lije. Lit ús lykwols oppasje! Wat misse wy troch de bank in soad fan dat Amerikaanse oandoarren, dy beweeglike fizy, net opkeard troch konvinsjes en tradysjes, dy ûndernimmingssin. Fansels binne der ek dingen, dy't de Amerikanen ús benije, al ha se it der hast te drok foar; lit ús ús hjir net op fersjen. Wy ha hiel wat oan harren te tankjen, al wie it mar dat se ús, lyk as harren sels, in miening en ferskil fan miening gunne.

Yn 'e neimiddei sette wy nei Pasadena, better sein: wy kliuwe. Los Angeles leit oan 'e see, leech. Fierder

it lân yn binne de hege sânflakten en noch fierder de Rocky Mountains. Los Angeles wurdt faak pleage troch de fine stofwolken, dy't as in dize boppe de stêd hingjen bliuwe. Je eagen dogge der sear fan. In eintsje hegerop, sa as yn Pasadena, is it noflik wenjen, ja, men soe sizze, it wenklimaat komt dat fan it Paradys aardich benei.

Hjir is wer wat om je oer te fernuverjen. Dit California hinget ôf fan de wetterleiding. Foardat dy tûzenden en tûzenden kilometers buizen lein wiene en dy rivierdammen boud en al dy pompstasjons, wie dit griene paradysachtige lân in toarre keale streek, dêr't in minske it amper folhâlde. No wenje hjir miljoenen en de grûn jout oerfloed, salang der mar wetter is. Sûnder dat binne de heuvels mar in pear wiken lang grien, en dan geane der noch gauw prachtige blommen te bloeien ek. Mar de sinne is glei en op 21 maaie seach ik sokke heuvels al wer brún en dea.

Pasadena is in leaflik oard; sinne, wetter (út 'e kraan) en de goede grûn meitsje it in soarte fan túndorp. Protte rike minsken slite hjir harren lêste dagen, mids allerhande subtropysk gewaachs, palmen en dan de sinasappel- en sitroenebeammen by de rûs. It waar is sa lykmjittich, dat de gespreksstof fan de measte Nederlânners er krap fan wurde soe; it waar is altyd goed, klare blauwe loft mei sinneskyn. De winter uteret him troch wat wolken en in inkele kear rein. Op 1 jannewaris wurdt steefêst in grutte blommeoptocht hâlden, mei fansels de ferkiezing fan de roazekeninginne.

Myn neef, mei syn libben steld yn it teken fan de business, hie syn sparpot net tafertroud oan in âld sok, mar belein yn huzen, dy't er meublearre ferhierde. Yn ien dêrfan wenne hy sels, mar om't it foar in frijgesel te grut wie, hie hy in part wer ferhierd; wer safolle dollar. It wie fierder syn gewoante en sneup de kranteädfertinsjes nei. Dêr steane altyd wol iiskasten, kachels en sokke saken yn, foar in krats oanbean troch lju dy't se krekt kocht ha mar troch needsaak fan ferhúzjen dy dingen wer slite moatte. Hy pikt se yn, set se yn ien fan syn huzen en kin dan wer mear hier freegje. Dat sakendwaan giet nacht en dei troch. Let yn 'e jûn gie er noch efkes nei in kunde. Doe't er nei in pear kertier werom kaam, wie ien fan syn huzen fan eigener feroare. Hy kôket syn eigen potsje, en dat docht er goed. Syn keukentsje hat alle reau, sa't men dat op advertinsjeplaatsjes wol sjocht. Hy keapet alles yn in grutte supermarket (ek wer sa'n Amerikaans ferskynsel der't je jins eagen út sjogge) en is tige op 'e hichte fan „koopjes van de week of van de dag“. Syn hûs is kreas, mei in foardoar dy't daliks yn de grutte keamer útkomt, sa as in mannich hûs, dêr. It binnewurk hat nochal ris fan 't plak west, want ik krige in hiele útlis oer hoe't hysels muorren en doarren earst sa en letter sa fermakke hie.

Wy ieten lekker, in grou stik goed fleis. Doe joech ik my del; ik hie myn nocht nei sa'n dei. Mar it bêd wist wol rie.

Sneintemoarn, wy nei tsjerke. In Amerikaanse tsjerketsjinst is sa fris en

fleurich, en dêrom noch net opperflak-kich. It wie in Methodiste tsjerke, mar sa'n namme telt dêr net sa bot. It wie yn alle gefallen in wyktsjerke en stikmannich kunde fan myn neef is net Methodist, mar se komme om't it tichteby is. It gebou is net grut, in fjouwerkant mei siden fan likernôch 10 meter. Yn ien hoeke in podium mei in lessener. De rigen banken steane yn bôgen, út dy hoeke wei omsirkele. Lâns de wand oan dûmny syn linkerhân rint it podium troch, mei plak foar it koar. De wand rjuchts fan dûmny kin weiskood wurde, dêr't de romte dan twa kear sa grut fan wurdt. De yngong is yn 'e hoeke tsjinoer de preeklessener. De tsjerke siet dik yn de dûmny's, neffens myn neef, omdat yn Pasadena safolle emeariti wenje. Dy moarn kamen yn alle gefal trije „folle“ dûmny's oan it wurd; ien om te preekjen en twa dy't ûnderinoar de liturgy ferparten. Twa fan de mannen wiene noch útsûnderlik jong.

Dat er in gast wie, „út 'e âld country“ wei, die al gau bliken. Hy waard fersocht stean te gean en doe tasprutsen. En neidat er wat werom sein hie folgen noch inkele fragen en antwurden oer reis en ferbliuw. Sa heare je der daliks by. It koar song ienfâldige 4-stimmige lieten en der wie noch in gast-soliste. De preek, oer de rykdom fan de Bibel (in bytsje neffens Barth, soene kenners by ús wol sizze), direkt en sprekend.

Nei de tsjinst in gesellich gearwêzen bûtendoar; der binne eptige froulju by - sjocht myn neef dat dan net? -. Hy akkoartet mei in rike, âlde Amerikaan, Sweed fan komôf,

---

oer nije loeverkes foar de tsjerke.

Myn neef sil se meitsje en de Sweed sil se betelje... Wy wiene dy deis de gasten fan Bill en Jessie Miedema, in span fan 70, mar neffens dwaan en litten en klaaing wol efkes jonger. Harren soan sneuvele, en no meie se graach wat jongfolk oer de flier ha, fan dat soarte dat ek op himsels wurket en wennet. Ek myn neef komt dêr gauris. Bill syn Pake teach ear-tiids út it Heitelân wei. Bill ken noch in pear Fryske berneferskes en ûnder iten komme him wurden as „jirpels“ en „beantsjes“ yn 't sin. It wie noflik te wêzen yn dat gewoane Amerikaanse gesin; der barde neat útwrytsks, mar it kaam jin foar, dat dat tegearre iten en ôfwaskjen en petearjen de einen fan de wrâld ta elkoar brocht. De dei fleach om. Der wie noch in berchrit nei de Mount Wilson-stjerrewacht en de jûns in tsjerkekonsernt, mar it giet der hjir net om en stal alle barren fan it wykein út. Sa'n reis troch Amearika is in stoartfloed fan yndrukken, en lit jin fansels net folle rêst, ek yn 'e wykeinen net. Lykwols, it betinken dat je wat bysûnders meimeitsje hâldt je op 'e fuotten. Dan straks yn 'e âld country mar in kear goed útsliepe.

De oare moarns brocht myn neef my nei it fleanfjild, wer oer de safolle-

baans wegen. It is dêr moarns 7 oere al in spitsoere, dus noch drokker as drok. Boppe de wegen hâlde twa helikopters it ferkear yn 'e gaten. As it hjirre of dêr stiket, dan hearre je dêr in melding fan mei je autoradio en sa nedich kin je yn-tiids in sydwei ynslaan.

Om healwei njoggenen hingje ik wer yn 'e loft. Yn syn klim nei de Rocky Mountains en alles dêrachter, nei in nije dei mei nij geniet, fljucht de grutte fûgel oer Pasadena hinne. Tige tank, jimme allegearre dêrûnder. Jimme ha woldien. Mei it er jimme nei fergean. God bless you.

Soe ik hjirre wenje wolle? Elk lân hat syn foar en syn tsjin. Der binne saaklike arguminten en gefoelskwes-tjes en elk sil it neffens syn aard wer oars sjen. Nei twa reizen troch de Nije Wrâld wit ik, dat ik leaver yn de Âlde bin. Dat jachtige, dat flechtige fan it iene wurk nei it oare, dat altyd op syn iepenst wêze moatte foar je sakefreo-nen, dy't neist je sitte mar ûnder je stoel in poat wiseagje, dy ivige sin-tesang... Fansels, as it alle dagen sa wie as dit wykein, as je minder noflike saken en minsken op in ôfstân hâlde koene, as je ..., want it is in prachtich lân.

Miskien skylk, as ik noch ris in protte sinten krij....

---

## KAFEE 'ROM SICHT' (11)



*Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.*

*Rommert Tsjeardsma*

'It wiif hat de platte froulju opsein,' seit Fetse, as er it earste bearenburchje efter de knopen hat.

Dizze meidieling moat earst eefkes besinke by de maten. En freget fierder fansels om taljochting.

'Plátte froulju,' freget Watse, 'ik ha oars it leafst dat froulju net al te plat binne, wat rûner wat better, woe 'k mar sizze.'

Fetse giet wyslik net op dit ôfwaaide praat yn.

'Plattelânsfroulju,' ferdúdlikt er, 'tsjintwurdich neame se harsels: 'vrouwen van nu'

'Hoe is 't mooglik,' lêbet Minne, wylst er it lêste stealtsje miksdrank út it gleske leppelet, 'dat dy âldwiveklub noch altyd bestiet, folslein út de tiid fansels. Myn oerbeppe wie der al lid fan.'

'Dat moatst net sizze,' reagearret Geart skerp, 'it hat altyd in feriening west dêr't ús froulju in soad oan

hienen. Dêr't se harren ûntwikkelje koenen troch it folgjen fan kursussen en dêr't se in protte oare dingen opstutsen dêr't se as bewenners fan it plattelân wat oan hienen.'

'Ja, dat is wier,' ropt Watse, 'ús mem gie dêr ek altyd hinne.'

'Neffens guon minsken is it plattelân ferline tiid,' ferfettet Fetse, 'en dêrom moast dizze klub fansels ek in oare namme hawwe. It bûn fan plattelânsfroulju, dy flagge dekt blykber de lading al lang net mear...'

'Hat dyn frou dêrom betanke,' batst Watse deryn, 'it wie om samar te sizzen net mear plat genôch.'

Unfoech praat fansels, mar neidat Fetse mei in klap de lege romer op 'e tafel setten hat giet er dêr dochs op yn. Hy hallet in optearde krante út de bûse, dy't der frijwat knûkelich útsjocht. Hy spraat de krante út op 'e stamtafel en set de lêsbril op. 'Hjir stiet in fraachpetear yn mei de foarsitster fan 'vrouwen van nu,' it skynt dat it minske earne yn 'e Bjirmen

wennet. Ik sil jimme in lyts stikje foarlêze, luister en huiver : 'Ze is ook Friestalig, maar wil het interview beslist in het Ne-derlands in de krant, zodat iedereen het kan lezen. Uitgesproken: 'Ik kies voor het Nederlands, ook tijdens vergaderingen. Al zit er maar een halve kip in de zaal die geen Fries verstaat, dan passen wij ons aan. Wij willen gastvrij zijn en niemand iso-leren. Wij hebben veel vrouwen van buiten de provincie, Gaasterland bijvoorbeeld en die zetten zich geweldig in voor de bond...' Fetse smyt de krante oan 'e kant en nimt de bril fan 'e noas. Dan ropt er oan Boate: 'Wy moatte der earst noch mar ien yn hawwe, de rare smaak eefkes fuort spiele.' Neidat Boate de maten betsjinne hat bliuwt it foarearst noch in amerij stil oan 'e stamtafel.

'Begripe jim no wêrom't myn frou opsein hat,' freget Fetse op 't lêst, neidat er in fikse slok bearenboarch ynnommen hat.

'It begjint my te daagjen,' antwurdet Geart, 'wa wol no by in klub hearre mei sa'n ûnbenul as foarsitster, men soe jin deaskamje.'

It bliuwt noch gâns in skoft stil, sels Minne hat op dit momint neat te keap en dat komt net faak foar.

'Soe dat minske no wier miene dat Gaasterlân bûten Fryslân leit?' freget Watse op 't lêst, ik kin it my hast net yntinke, sels myn pakesizzer wit soks wol en dy sit yn groep twa fan de basis-skoalle.'

'Ik bin bang dat se dêr net fan op 'e hichte is,' ornearret Fetse, 'ien dy't sokke útspraken docht, dêr ha 'k net sa'n hege pet fan op.'

'It is dêrom net bêst as't goed neigiest,' suchtet Geart, 'sa'n minske dat it eigen nêst beskyt, dy't harsels fersmyt om in halve kip yn 'e kont te krûpen'

'It is dwers troch alles hinne,' seit Boate dy't der krekt oanrinnen komt en de lêste wurden opheint, 'mar no is it de heechste tiid.'

B.J. Postma:

## Lêzersbrieven (5)

*In prestaasje fan komsa om yn in ynstjoerd stikje fan likernôch 140 wurden sa'n 7 taalflaters te prutsen. Want prutswurk hawwe jim meiwurkers levere'. Dat skreau ferline jier in goefreon en goefries oan de Ljouwerter krante-redaksje. Hy hat dy syn lêzersbrief jitris tastjoerd. 'En ik rekkenje der no op, dat dat nochris pleatst wurdt sûnder de skeinende hân fan jim betterwitters'. Yn de Siksmastrijtte koene se net iens fan syn doarpsnamme ôfbliuwe, dy ferhollânsken se ek noch.<sup>1</sup>*

Bertus Postma

De lêste kear dat my soks oerkaam wie heal april. De kranteman koe de hannen net thúshâlde en de fingerseinen jûken him al doe't er de

taal seach fan myn 'Menaldumadeel-Menameradiel' - as andert op in stikje ûnder deselde namme fan de skriuwer fan Gemeentebelangen Menaldumadeel.

<sup>1</sup>De krante joech ta, dat de flaters oan syn kant makke wiene. Mar mei de flaters deryn wie de tekst noch skoan te lêzen, dat fan in werpringing koe gjin sprake wêze.

<sup>2</sup>De fet-printe wurden en klamkes binne yn de krante skrast. Dat 'Friezene' yn de lêste sin sjocht men net folle, mar sjonge docht elk it yn it flaggeliet, 'Bliuw 't byld fan Fryske dregens En Friez' ne stille striid!' As Willems, de ferantwurdlike kranteman, ris meisjonge woe yn Warns.

---

## Menaldumadeel-Menameradiel<sup>2</sup>

Fan de fiif harksittings fan de Menamer riedskommisje yn de gemeente hie myn freon Hedzer Terpstra begrepen, dat in grutte folksmearderheid neat fan syn eigen doarpsnammen hawwe moast en de besteande tastân hanthavenje woe. (LC 11 april) Op 'e flakte besjoen hat Terpstra gelyk. As er lykwols justjes djipper dold hie, hied er witten, dat dat 'hanthavenjen fan de besteande tastân' de kombuorden oangie. Doe't yn de Rypster sitting it GL-riedslid Harms frege, oft der noch beswieren tsjin de wiksel Dronrijp-Dronryp oerbliuwe soene as de rie fan de plaknammebuorden ôfbleau, wie it beskie

'nee'.

Yn de fiif sittings wie it de riedskommisje net te rêden om in foar of tsjin 'Ingelum' en 'Berltsum', ensamear. De kommisje wie it op **argumenten derfoar en dertsjin, om de rie op grûn fan argumenten** oardielje en beslute kinne te litten. Mar fan gjin boarger waard **syn 'dertsjin'** útlein en ferklearre.

Terpstra hie it ek oer de 'prinsipiële overwegingen' fan syn Gemeentebelangen. Mar yn de riedsgearkomste fan 2 april wie der neat fan te fernimmen. De fraksje ferlear in debat mei de PvdA op punten. Foar dy partij, better tarist en better op 'e hichte, wiene nammen in stikje fan Friezene identiteit. It wie des Pudels Kern.

---

*Eardere, wreed skeinde, lêzersbriefkes yn Lyts Frisia LV(2006)siden 9,11 en Lv11(2008)Side- 6,46.*

---

## snipers

*Op it sympoasium fan Durk van der Schaaf (sj. de bydrage einredaksje yn dit nûmer) mei de namme Fryslân de takomst treast, gyng it om 'in duorsume takomst foar Fryslân'. Geane wy dêropta mei û.o. de nije en de aldernijste lânbou, grutskalich en leaust grutskaliger almaroan; sûnder noed of te min foar de natûr, de sûnens fan minske, plant en bist, foar duorsumens fral. Dêrby de ferkrommeling fan de romte, it sicht dat fertuteazget troch nije diken, túnboukassen en nijbou, it lânskip dat al fierhinne fuort is en geduerich nije oanslaggen oan moat. Sjoch it ynterfjoe mei de jubilaris yn de L.C. fan 15 okt. dêr't in nije dyk as heak noardlik by Stiens om yn neamd wurdt en de mânske kassen by Berltsum.*

*Fryslân hat mei û.o. syn fee en poaters in eigen bydrage oan de ûntjouwings yn de agraryske sektor levere. It is no safier, wy folgje. Binne net baas op eigen hiem en bedriuw, wy kinne net oars en folgje wat ekonomyske wetten yn globaal ferbân ús foarskriuwe. De privé-sektor leit wat dat oanbelanget yn Fryslân op de rêch, in eigen ûntjouwing kenne wy net.*

*Binne wy dat treast, waard frege; steane wy as provinsje foar duorsumens, keare wy nijichheden of litte wy se oer ús hinne komme en sjogge it probleem net iens. Wolle net, kinne net. Oars as oan de oarder stelle, kinne wy yn LF min dwaan. Mar wy moatte al op de slach passe. Teminsten nei ús fermogen.*

*As ús oerheden fan provinsje en gemeenten blynseach achter de moderniteiten oarinne en har gjiniens op alternative mooglikheden besinne en dêr liket it op geane wysels, yn alle gefallen ús bern en bernsbarn in raar gat yn. Dat liket my wis.*

## *Show - chauvinisme*

*By gelegenheid fan 400 jier Nederlân Amearika hat de provinsje in djoerabel boek útjûn, Versierde Fiezen; o nee, fersin, it is Gevierde Friezen. Oer de ynhâld gjin ferkeard wurd; plaatsjes, kleur, stikjes dertusken, glêd papier - gjin gebrek, as kin it net op. Myn húsgenoate murk op dat ûnder de gevierde Friezen hielwat bern fan skippers sieten en dat hielwat, beide navenant, út it Noardwesten fan de provinsje kamen. Jane Fonda stiet der wol yn; Audry Hepburn, mei Van Heemstra-bloed, net.*

*Frjemd dat Jaap Osinga, al yn 1980 op de erkenning fan de Feriene Steaten troch dy fan Fryslân promoveard, net by it ûndernimmen betrutsen waard. Frjemder tinkt my it iensidich gloarieuze fan it boek. Emigraasje, in never ending succes-story ha je net. Gjine wurd oer de earmoed earst, de bittere striid om de holle boppe wetter te hâlden, lju dy't mislearren, stoaren fan ûnwennigens.*

*Ien fan de meiwurkers pielde yn ús fakânsjeklinte oan de tafel mei de frage om, is dit boek in stik chauvinisme, sa't immen him ferwiten hie. Syn stik grif net mar it boek as gehiel? In show is it boek grif. Wat dat oanbelanget, goed Amerikaansk, minder Frysk. It frjemdst is it fansels dat yn it hele boek gjin stom wurd Frysk foarkomt. Dat wie grif tefolle chauvinistysk, te min show.*

*Yn it tiidskrift Onze Taal fan sept. 1.1. (wannear komt de F.A. mei sa'n blêd foar it Frysk ) stiet in stikje 'Welsh semi-officiële EU-taal'. It seit dat de Europeeske Kommisje en Grut-Brittanje oerienkommen binne, it Welsh tenei as in 'semi-offisjele' taal fan de Europeeske Kommisje te erkennen. Boargers kinne no yn it Welsh mei ynstellings fan de Europeeske Uny kommunisearje. De kosten wurde nê't troch de Europeeske Uny betelle mar troch Grut-Brittanje. In soartgelikense oerienkomst hat Spanje al tekene foar it Baskysk, it Katalaansk en it Galicysk.*

*Net wat foar it Frysk? In moai putsje foar ús dippetearde master-doktoranda Annewytske. It moat mooglik wêze: sels foar de fluittaal in taal allinnich mei toanen - op La Gomera op de Kanaryske eilannen, wurdt it neigien.*

G. A.

Mannichien hat tocht dat it oer wie mei 'Lyts Frisia', Mar we binne der noch sa't jimme sûnt it foarige (dûbeld-) nûmer begrepen hawwe. Dêrom roppe wy ús leden en lêzers op om it lidmaatskips- of lêsjild foar 2009 oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan: *Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip*, Tj.H. Haismastrjitte 25, 9251 AV Burgum. Brûk allinne de ûnderstreke namme en net: de ôfkoarting JFM of 'Lyts Frisia'. Yn dy gefallen kloppet de namme net mei it adres en wurdt it jild net oerskreaun! It lidmaatskipsjild is €7,50 en it lêsjild €5.

En fierders is jo kopij noch fan herten wolkom. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. It folgjende nûmer komt yn maart út. De kopij foar dat nûmer moat ynstjoerd wurde foar 1 febrewaris nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Plantage Doklaan 13 1018 CM Amsterdam, E-meel: [abma.g@wanadoo.nl](mailto:abma.g@wanadoo.nl). Foar mear ynformaasje: Jan Jongsma, tel. 0511-463869.